

lok”, of „froskdryl fossylprofyl foksestyl”, „wiete snie wie wite snie wie wiete snie wie wite snie...”.

Rymkes as: „leкке trompet / leaf skelet / bilswithân / sûn ferstân”, „fûgelskyt / kwal-lebyt / seeskomwyt”, „postkoadeplakken / postboadepakken”, „slûzen ticht en brê-gen del / brune sûker sjokomel”. En it tilt op fan neologismen lykas hoefizerstampers, flerkbonken, snaffelbreklûden, brokkoly-boskminsk, hektopeallen, koraalkaloryen en mokermannen.

Sadwaande falt de klam op de foarm. Te folle, nei myn smaak. It mei lichtfuottich bedoeld wêze, de oerdied betizet. Ynhâld-lik giet it om in doarmjen, waarnimmen en sykjen (om ‘famke’) yn it wylde wei, lêste lokaasje Harns, mei surrealistyske konfrontaasjes. De ûnderfinings bliuwe ûnskerp. It ferbân sit net yn de kausaliteit, mar yn de assosjaasje. Sa’n dwylstyl jout de lêzer amper hâldfêst: „in kat hinget oan de rook / fan fiskfossilen yn paramaribo / sjitte de salamanders oer it plafond / dit is myn strjitte heaks / op in oare /

dit paad / sakket / yn djippe lagen / in iepen rêchsek / wa skoot it knoopke om- heech”.

Sytse Jansma uteret, troch mei ‘oerwâld-wurden’ te struien, syn ferfrjemding. Ambysje en talint hat er perfoarst. Hy sil mear lykwicht tusken foarm en ynhâld fine moatte. Taal hat, ek as poëzy, neist in ekspresje- no ienris in kommunikaasje-funksje, sels as whisky de brânstof foar- met. In dichter dy’t publisearret, kin dêr net omhinne, ek net mei in dvd efteryn.

In oardiel dêroer falt bûten dit bestek. De seis filmkes, mei muzyk, folgje rûchwei de yndieling fan de bondel en in tal gedichten wurdt – troch de dichter sels – lêzen (wat flak faak, al komt it klankspul fansels better ta syn rjocht). Beide mediums ha har eigen sfear en mooglikheden, wurde utienrinnend belibbe en moatte dus op har eigen merites besjoen wurde. – **HARMEN WIND**

- **Sytse Jansma - *Wa’t tate seit moat ek whisky sizze***, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, 61 s., ?16.50.